2e JIERGONG JANNEWARIS 1983 NUMER 25

# DOARPSOMROPPER

MOANNEBLED FOAR ALDEGEA EN OMKRITEN



# DOARPSOMROPPER

MOANNEBLED FOAR ALDEGEA EN OMKRITEN

Utjouwer:
Drukkerij R.I.J.O. b.v.
Het Anker 7
9206 AL Drachten
Till. 05120 - 12468

Redaksje:
L. de Jong, haadredakteur, It West 8
M. Veenstra-Klasema, Eastersânning 5, till. 2514
Foar it Doarpsomropperke:
C.Bosma, Geasten 1. S. Bouma, Buorren 28A

**KOPIJ FOAR IT FEBREWARISNUMER YNLEVERJE FOAR 17 FEBREWARIS
DAT NUMER WURDT OP 28 FEBREWARIS BYLANS BROCHT**

## SOCIAAL-KULTURELE WURKLIST:

FAN'E REDAKSJE
- Oudejaarsavond
- Briefskriuwster, te G.
- Beammen
- Status-objekt

FERIENINGSNIJS
- Biljartclub
- Film R.S.O.
- Damclub
- Schilderclub
- Bridgen
- Fûgelwacht (Sperwer)
- Fûgelpuzzel
- Fûgelwacht (ynventarisaasje)

IT WITTEN WURDICH
- Jiergearkomst Griene Krús
- Amnesty international
- Peuterspeelplaats "De Krobbe"
- Damtoernooi legere skoallen

UT OARE BLEDEN
- In smidte mei iepen fjoer
- Reserve-leger
- Zangtaal

YNSTJOERD
- Tank foar 20 novimber
- Lekker iten
- Samen op weg

SKIEDNIS
- By de mone
- Mear wite fan eigen krite
- Dit wiene ek Aldegeasters
- Theunis Peteroalje

FAN ALLES WAT
- Utfiering zang-muzyk
- Feest fûgelwacht-wettersportfer.
- Kleurplaat bern
- Te koop
- Foto frege

DOARPSOMROPPERKE

SOCIALE WURKLIST

## FAN'E REDAKSJE

### OUDEJAARSAVOND 1982

De oudejaars ME ploeg, al van te voren aan ons voorgesteld via de krant en strooiblaadjes zijn weer zeer actief geweest. Het begon vrijdagmiddag al, aan alle bejaarden boven 75 jaar werd een bos bloemen gebracht. Erg origineel en het werd zeer gewaardeerd. 's Nachts om 12.00 uur zou het oudejaarsvuur aangestoken worden, maar dit lukte helaas niet al te best, mede door het natte weer. Dit was natuurlijk erg sneu voor de ME ploeg, die de gehele kerstvakantie heen en weer had gesleept met takken, hout enz. Op nieuwjaarsdag hebben we onze ogen uitgekeken. "De Buorren" stond vol met mooie bloembakken, die zoals op de borden met spreuken stond te lezen, in Drachten overvloedig worden geplaatst en bovendien niet naar waarde worden behandeld. Zodat de ME ploeg maar wat van de mooie bakken naar Oudega had gehaald. Bovendien werd de glasbol wat uit het zicht gezet, en daarvoor in de plaats een standbeeld van de Grietman geplaatst. Al met al is de opzet van de ME ploeg weer goed gelukt, op een paar kleine brandjes en vernielingen na.

M. V.-K.

### BRIEFSKRIUWSTER TE G.

Tank foar it aardige briefke. Jo krije dus geregeldwei de Doarpsomropper en lêze him mei nocht. Jo libje noch goed mei, fernim ik, hoewol't jo al 20 jier fuort binne.
Hjir folget in koart antwurd op jo fragen.

1. De fammeferiening, dêr 't jo lid fan wiene is opgien yn in oar ferbân. Faaks komt der fan dy feriening noch ris wat yn 'e Doarpsomropper te stean, wa sil 't sizze.
2. Jo hawwe ek noch in pear jier lid west fan in frouljusferiening. Dy bestiet noch wol, lit lykwols net folle fan har hearre, fernimme jo.
3. De feriening Doarpsbelang is noch springlibben, by myn witten.

As jo mear fragen hawwe, dan skriuwe jo mar ris wer. Ik haw de boppesteande fragen yn'e Doarpsomropper beantwurde om't ik, mûnling en skriftlik, wol faker fragen krij oer it Aldegeaster ferieningslibben.

Mei fr. groetnis,
L. de Jong

**STATUS OBJECT**

Lêstendeis, yn in riedsgearkomst, utere in lid fan'e gemeenteried syn twivels oer it praktyske nut fan de airstrip, d.i. it lytse fleanfjildsje dat dêr benjonken Drachten leit. Dat wurdt mar och sa'n bytsje brûkt, mar de gemeente moat der wol alle jierren weroan in aardich poarsje jild ynstekke. En dat wylst it fjildsje mar 57 kear yn't jier brûkt wurdt.

Ja, sei ús boargemaster, neffens him moast it fleanfjildsje der bliuwe. Drachten kin dat statusobjekt net misse. Hy woe it mar op it rammeljen fan de pels oankomme litte. En, sei er: "Per saldo kost ons dat maar f 20.000,-- per jaar". Hy sei "ons", mar dêrmei bedoelde er fansels net himsels en syn húshâlding. O heden nee, hear, want as dat sa wie dan soe men der frede mei ha kinne. As in boargemaster it yn in riedsgearkomst oer "ons" hat, dan bedoelt er de gemeente, dan bedoelt er dus jo en my. En yn jo en myn eagen is f 20.000,-- net sa'n bytsje. Oer tsien jier rekkene is dat sels al in aardige slompe jild. Wat soene wy dêr skoandere dingen mei dwaan kinne. Bygelyks de wegen om ús doarp hinne ris flink opknappe litte, want dy wurde suver by de dei lâns minder. Wa't byg. It West yn rydt fernimt dat wol, dêr moat men suver al wat mei sin ride, want der sitte langer sokke djippe gatten yn'e wei, dat it kin wol op in stikkene as útdraaie as men dêr mei wat faasje yn ploft. It is skandalich sa't dy wei der by leit en ik soe elkenien dy't dat oerkomt oanriede om it rekkentsje nei it gemeentebestjoer te bringen.

Om feilich te riden soe der foar It West en de Manjepetswei eins in ferbod komme moatte om hurder as 50 km te riden.

d. J.

**BEAMMEN**

Lêstendeis binne de hege beammen oan'e Heawei fallen. As men der yn it doarp oer praten heart, dan docht it bliken, dat der by in protte minsken spyt is te beharkjen oer dat feit. Se kinne it wol ynskikke, de beammen waarden te gefaarlik, mar fiele it dochs as in gemis.

No't dy hege popels der ek net mear steane wurdt it wol wat keal yn en om ús doarp. It wurdt tiid, dat dêr ris wat oan dien wurdt, wy moatte oan it beamplantsjen. As wy ris oan't ynventarisearjen geane, dan fine wy grif plakjes en bermen genôch, dêr 't ien of mear beammen plante wurde kinne. En as wy dan dochs oan't beamplantsjen geane, lit ús dan fuortdaliks mar fruchtbeammen plantsje; apelbeammen, parrebeammen, prûmebeammen, kersebeammen, nutebeammen. Dy wurde ornaris net sa heech en sille dus net sa gau in gefaar wurde foar minsken en hûzen. Boppedat bloeie se moai yn'e maitiid en jouwe ús fruchten yn'e hjerst.

Kin dat net, tinke jo? Eèh, wêrom net? As it yn in gemeente as Lelystêd wol kin, wêrom soe't dan hjir te uzes net kinne?

It liket my in aardich kerweike foar Doarpsbelang om dat noris mei gauwens foarinoar te bringen. Beammen, dat is algemien bekend, binne gjin hurde groeiers. En it is aansen samar wer beamplanterstiid. Wy moatte it net op'e lange baan skowe, wat earder se der steane wat better.

d. J.

**Sa hat it sitten, sei 't âld minske, en hja plakte de pispot.**

BOUWBEDRIJF

D.H. DE JONG

west 22 oudega (sm) tel. 05127 - 1204

uw adres voor

NIEUWBOUW VERBOUW ONDERHOUD

ZEKERHEID VOOR OPDRACHTGEVERS
ERKEND NVOB BEDRIJF
Nederlands Verbond van Ondernemers in de Bouwnijverheid (NVOB)

## FERIENINGSNIJS

### BILJARTCLUB

De biljartclub van de Welling bar is van plan om op woensdag 2 februari een nieuwe ledenavond te organiseren. Door vertrek van enige biljarters moet er eigenlijk wat nieuw leven in de brouwerij komen en het bestuur zou u graag uitnodigen om vanaf 20.00 uur 2 februari te komen kijken en eventueel bij de club te komen om gezellig een partijtje te biljarten.

Mogen we zeggen tot ziens in de Welling bar?

Het bestuur

### R.S.O.

Vrijdagmiddag en avond 18 februari zullen er twee films gedraaid worden in 't Miensker te Oudega.

De eerste film: "De avonturen van Hammetje" voor de jeugd vanaf 4 jaar begint 's middags om 16.00 uur. Kosten zijn f 3,-- per persoon.

's Avonds draait de film: "The blues brothers", een film vol vrolijke en sensationele humor die over 2 broers gaat die opnieuw proberen hun oude "band" weer bij elkaar te krijgen. En dit alles voor het goede doel. Voordat ze alle bandleden eindelijk bij elkaar gevonden hebben en iedereen genegen is voor dit goede doel een knalconcert te geven, gebeurt er nog van alles. Een leuke, swingende film.

Na deze film zal er disco zijn ! ! ! Aanvang 20.00 uur. Kosten f 5,--.

Iedereen is van harte welkom.

R.S.O. bestuur



### DAMCLUB D.C. "OUDEGA"

P. Feddema

Nu de bondscompetitie is afgelopen (met als resultaat voor beide 10-tallen een 4e plaats), beginnen de Oudegaasters met individuele successen. Zo waren de Adspiranten eerst aan de beurt. Joop de Graaf was met 6 spelers vertegenwoordigd in Hardegarijp: Peter, Cor, Sietse, Reinder, Roelof en Fedde. Na de 1e dag voorwedstrijden gespeeld te hebben, moesten Peter, Cor en Roelof afvallen. Ook de 2e dag moesten er weer 2 afhaken, nl. Sietze en Reinder, zodat Fedde zich alleen plaatste voor de finale. Na 3 dagen in Sneek gespeeld te hebben, was er voor Fedde een 2e plaats bereikt. A. Bakker uit Warga werd Fries kampioen. Wel wist Fedde de partij tegen Andries te winnen, maar liet toch punten liggen tegen minder goeie dammers.
In de laatste week van januari wordt weer begonnen met een 4-tal junioren. Oudega schreef in met 2 4-tallen en dan maar zien wat er van 't jaar weer uit de bus komt. Vorig jaar werd Oudega kampioen van Friesland. Oudega mist in het 1e 4-tal W. Wijma, die wordt vervangen door D. Jonker. Ook wordt er op het moment gespeeld voor het Fr. kamp. 1e klas halve finale. Deelnemers zijn M. Tjeerdsma en L. Houwink. He. Jonker werd meteen geplaatst voor de finale. Menno won de 1e partij terwijl Leense zijn 1e wedstrijd gewonnen moest geven.

Ook de eigen competitie draait weer op volle toeren. Na de feestdagen werd op 7 januari weer volop gespeeld. Uitslagen groep I O. Roukens - He. Jonker 0 - 2, S. de Graaf - F. Kooi 0 - 2, G. Tjeerdsma - L. Houwink 0 - 2, U. Tjeerdsma - Joh. de Graaf 0 - 2, He. Jonker - S. de Graaf 2 - 0, O. Kooi - Joh. de Graaf 0 - 2, O. Roukens - U. Tjeerdsma 2 - 0.

Stand groep I op 20 januari:

| | |
|---|---|
| 1. F. Kooi | 9 - 14 |
| 2. He. Jonker | 8 - 13 |
| 3. Joh. de Graaf | 9 - 12 |
| 4. L. Houwink | 9 - 11 |
| 5. O. Roukens | 9 - 9 |
| 6. S. de Graaf | 10 - 7 |
| 7. O. Kooi | 7 - 6 |
| 8. G. Tjeerdsma | 9 - 5 |
| 9. U. Tjeerdsma | 10 - 3 |

Uitslagen groep II:

G. Kooi - M. v.d. Veen 2 - 0, P. Feddema - B. Klijnstra 2 - 0, M. Tjeerdsma - J. Jansma 2 - 0, C. Bouma - D. Jonker 1 - 1, J. Jansma - P. Feddema 0 - 2, B. Klijnstra - M. Tjeerdsma 1 - 1.

Stand Groep II:

| | |
|---|---|
| 1. P. Feddema | 8 - 14 |
| M. Tjeerdsma | 8 - 14 |
| 3. J. Jansma | 10 - 13 |
| 4. Sj. Reitsma | 10 - 11 |
| 5. B. Klijnstra | 10 - 10 |
| 6. D. Jonker | 8 - 8 |
| 7. Cath. Bouma | 9 - 8 |
| G. Kooi | 9 - 8 |
| 9. M. v.d. Veen | 9 - 6 |
| 10. Kl. Jacobi | 9 - 4 |
| 11. D. v.d. Mei | 4 - 3 |
| 12 Tj. Jonkhoff | 8 - 3 |

De volgende keer meer nieuws over de jeugdgroepen.

## IT BUTHUS

De wetenswaardigheden in en van "It Bûthûs" amateurschildercursus Aldegea. Op de op 16-17 dec. gehouden open dagen van de cursus zijn erg veel reacties gekomen. De koffie stond klaar en er was van de cursisten aardig werk te zien, wat al klaar was en wat nog leuker was, waar de cursisten mee bezig waren. Stoeien met lijn en penseel en verf. Het heeft 8 nieuwe deelnemers opgebracht, zodat er nu totaal een 40-tal manlju en froulju meedoen. De 8 nieuwe cursisten zijn op de zgn. niet rokersavond. Voor de maand februari staat een excursie naar het Rijksmuseum in Amsterdam op stapel. Dit gaat in samenwerking met de pas opgerichte en door onze cursusleider begeleide groep van Groninger Opende, die in navolging van ons op gelijke manier bezig zijn. Voor Bergum zijn ook dergelijke plannen in voorbereiding. Verder is voor de groep een uitnodiging werkstukken tijdens de hele maand maart te exposeren in het ziekenhuis Nij Smellinghe. Het is de bedoeling om tussen de 100 - 120 doeken en schetsen te exposeren. Zo u ziet is de club aktief bezig op amateuristisch creatief gebied. Wilt u inlichtingen over het reilen en zeilen komt u gerust eens langs op maandag of dinsdag bij cursus "It Bûthûs", Op'e Wal 4, tel. 05127 - 1416 - 2396.

**It libbet der mar op los, sei de man, en hy hie al trije dagen sûnder iten west.**

## BRIDGE

Sinds vorig jaar januari is er in Boornbergum een bridgeclub. Deze bestaat uit leden van plm. 25 tot plm. 65 jaar. We waren allemaal beginners, en we zijn dan ook gestart met het volgen van een bridgecursus. Nu na een jaar hebben we allemaal de spelregels en trucjes aardig onder de knie, en bridgen we met veel plezier één woensdagavond in de 14 dagen. Graag willen we onze club nog wat uitbreiden wat leden betreft, zodat er besloten is om voor beginners weer een cursus te geven. Dit is geheel vrijblijvend. Mocht u het bridgen of de club niet aanstaan bent u niet verplicht om lid te worden. De cursus bestaat uit 10 lesavonden en wel op woensdag in het dorpshuis "it Bynt" in Boornbergum. De kosten bedragen plm. f 45,-- p.p. plus f 12,50 voor het bridgeboekje. U kunt u opgeven bij Mevr. Lenie Mulder, Bûtenom 20, Boornbergum, tel. 05126 - 1444.




# FUGELWACHT ALDEGEA



**Resultaten broedseizoen 1982:**

**Rayon Oosterzanding**
KIEVIT: 16 nesten, 52 eieren, waarvan 43 uitgekomen, vorig jaar 45 eieren uitgekomen
GRUTTO: 12 nesten, 45 eieren, waarvan 37 uitgekomen, vorig jaar 27 eieren uitgekomen
SCHOLEKSTER: 13 nesten, 41 eieren, waarvan 16 uitgekomen, vorig jaar 15 eieren uitgekomen
TURELUUR: 4 nesten, 15 eieren, waarvan 15 uitgekomen, vorig jaar 12 eieren uitgekomen.

**Rayon Wolwarren**
KIEVIT: 70 nesten, 264 eieren, waarvan 211 uitgekomen, vorig jaar 180 eieren uitgekomen
GRUTTO: 41 nesten, 158 eieren, waarvan 128 uitgekomen, vorig jaar 98 eieren uitgekomen
SCHOLEKSTER: 25 nesten, 89 eieren, waarvan 65 uitgekomen, vorig jaar 33 eieren uitgekomen
TURELUUR: 24 nesten, 95 eieren, waarvan 78 uitgekomen, vorig jaar 20 eieren uitgekomen
KEMPHAAN: 4 nesten, 16 eieren, waarvan 12 uitgekomen, vorig jaar 8 eieren uitgekomen
WATERSNIP: 5 nesten, 20 eieren, waarvan 20 uitgekomen, vorig jaar 16 eieren uitgekomen
WULP: 3 nesten, 11 eieren, waarvan 7 uitgekomen, vorig jaar geen
SLOBEEND: 6 nesten, 58 eieren, waarvan 38 uitgekomen, vorig jaar geen.



**Rayon Oudegaasterdijk, achter J. Landmeter**
KIEVIT: 74 nesten, 233 eieren, waarvan 165 uitgekomen, vorig jaar 156 eieren uitgekomen
GRUTTO: 26 nesten, 88 eieren, waarvan 71 uitgekomen, vorig jaar 82 eieren uitgekomen
SCHOLEKSTER: 20 nesten, 75 eieren, waarvan 24 uitgekomen, vorig jaar 21 eieren uitgekomen
TURELUUR: 4 nesten, 16 eieren, waarvan 16 uitgekomen, vorig jaar 13 eieren uitgekomen.

**Rayon Westerzanding**
KIEVIT: 48 nesten, 167 eieren, waarvan 139 uitgekomen, vorig jaar 156 eieren uitgekomen
GRUTTO: 24 nesten, 90 eieren, waarvan 77 uitgekomen, vorig jaar 92 eieren uitgekomen
SCHOLEKSTER: 14 nesten, 46 eieren, waarvan 46 uitgekomen, vorig jaar 62 eieren uitgekomen
TURELUUR: 7 nesten, 28 eieren, waarvan 28 uitgekomen, vorig jaar 20 eieren uitgekomen
WATERSNIP: 2 nesten, 8 eieren, waarvan 4 uitgekomen, vorig jaar geen
PATRIJS: 1 nest, 9 eieren, waarvan 9 uitgekomen, vorig jaar geen
SLOBEEND: 3 nesten, 24 eieren, waarvan 9 uitgekomen, vorig jaar geen.



**Rayon Bolderen**
KIEVIT: 19 nesten, 65 eieren, waarvan 49 uitgekomen, vorig jaar 59 eieren uitgekomen
GRUTTO: 24 nesten, 92 eieren, waarvan 79 uitgekomen, vorig jaar 53 eieren uitgekomen
SCHOLEKSTER: 24 nesten, 54 eieren, waarvan 43 uitgekomen, vorig jaar 27 eieren uitgekomen
TURELUUR: 5 nesten, 19 eieren, waarvan 18 uitgekomen, vorig jaar 22 eieren uitgekomen
KEMPHAAN: geen, vorig jaar 10 eieren uitgekomen
WATERSNIP: 1 nest, 4 eieren, waarvan 4 uitgekomen, vorig jaar 11 eieren uitgekomen.

**Rayon Gealanden**
KIEVIT: 22 nesten, 79 eieren, waarvan 68 uitgekomen, vorig jaar 57 eieren uitgekomen
GRUTTO: 20 nesten, 65 eieren, waarvan 59 uitgekomen, vorig jaar 58 eieren uitgekomen
SCHOLEKSTER: 14 nesten, 40 eieren, waarvan 30 uitgekomen, vorig jaar 27 eieren uitgekomen
TURELUUR: 11 nesten, 35 eieren, waarvan 35 uitgekomen, vorig jaar 22 eieren uitgekomen
KEMPHAAN: 8 nesten, 26 eieren, waarvan 22 uitgekomen, vorig jaar 10 eieren uitgekomen
WATERSNIP: 7 nesten, 26 eieren, waarvan 26 uitgekomen, vorig jaar 11 eieren uitgekomen
SLOBEEND: 1 nest, 11 eieren, waarvan 11 uitgekomen, vorig jaar geen.

**Broedreservaat Goudtjepoel**
KIEVIT: 9 nesten, 30 eieren, vorig jaar 12 nesten, 32 eieren
GRUTTO: 11 nesten, 42 eieren, vorig jaar 12 nesten, 42 eieren
SCHOLEKSTER: 1 nest, 3 eieren, vorig jaar 1 nest, 4 eieren
TURELUUR: 1 nest, 4 eieren, vorig jaar 2 nesten, 8 eieren.

J. Kuipers






SPERWER

**S P E R W E R (Friese naam Sparwer)**

De Sperwer is een vogel ongeveer ter grootte van een duif. Dit geldt dan voor het wijfje, het mannetje is één derde deel kleiner. Het mannetje is van boven blauwgrijs, het wijfje meer bruingrijs. Aan de onderzijde zijn ze allebei grijsachtig met veel donkere dwarsstrepen op borst en vleugels. De Sperwer wordt nogal eens voor een torenvalk aangezien, toch zijn er duidelijke verschillen, vooral in het vliegbeeld. De torenvalk heeft smalle, lange, spitse vleugels, de Sperwer brede, korte, afgeronde vleugels. In Nederland is de Sperwer een schaarse broedvogel, voornamelijk in het oosten van het land in bosrijke streken. Zijn nest maakt hij in hoge naaldbomen, ook betrekt hij wel een verlaten nest van andere vogels. Zijn broedsel bestaat uit 3-7 groen, witte, bruin gevlekte eieren, die ongeveer vijf weken bebroed worden. Daar er bij ons in de omgeving geen geschikte broedplaatsen zijn, zien we hier in de zomer zelden een Sperwer. Maar in het winter halfjaar is hij wel één van de meest voorkomende roofvogels. Dat zijn dan meestal vogels uit noordelijke streken, die bij ons de winter doorbrengen. Daar in het noorden zijn de winters veel strenger dan bij ons, en daarom trekken er ook veel vogels voor de winter weg, ook veel kleine vogels, zoals vinken. Die kunnen bij ons, waar de winters meestal lang zo koud niet zijn en waar meestal minder sneeuw ligt, nog best hun kostje opscharrelen. En zo kan ook de Sperwer bij ons haast altijd wel aan de kost komen, want die kleinere vogels daar leeft hij in hoofdzaak van. Ook jaagt hij graag op onze kleine standvogels, mussen en mezen en als de nood hem dwingt ook wel merels en zelfs duiven. De Sperwer is een woeste roofvogel die zijn prooi meestal met een snelle verrassingsaanval grijpt, op de meest onverwachte momenten, maar ook wel door een snelle achtervolging. Als de Sperwer dan eenmaal een prooi op het oog heeft, schijnt hij verder zijn hele omgeving vergeten te zijn. Dan achtervolgt de anders toch schuwe vogel zijn prooi zelfs tot in schuren en huizen. Die woestheid heeft al menige Sperwer het leven gekost, doordat ze zich dood vlogen tegen een ruit of tegen kippengaas. Die woestheid wil niet zeggen dat hij moordlustig is, hij jaagt alleen maar als hij honger heeft en doodt dus alleen uit noodzaak.

G. Elzinga

Verbetering: In het art. over de roerdomp in het decembernr. van de Doarpsomropper staat, dat de vogel bij het aannemen van de paalhouding de snavel omlaag wijzend houdt. Dat moet zijn: omhoog wijzend, zoals de tekening laat zien.

**DE FUGELPUZZEL**

Slim wie er, dy fûgelpuzzel. Sa slim, dat net ien alle nammen fûn hat en der wiene dochs goede fûgelkenners by de ynstjoerders. Hjir folgje de nammen fan dy ynstjoerders, mei der efter it tal goede nammen.


AUTO- en MOTORRIJSCHOOL

**W. PIJL**

Foareker 27 - 9247 AA URETERP
Tel. 05125 - 2151

Haal uw rijbewijs:

**in schakelauto . . . . . B.M.W.**
**in automaat . . . . . Renault**
**op één onzer motoren . . . . . Honda**

U bent bij ons niet
een hele morgen of middag van huis,
maar slechts 2 uren ! ! ! ! !

Elke week theorieles
**URETERP**
**HEMRIK**
**DRACHTEN**
**SURHUISTERVEEN**


| | |
|---|---|
| F. Jelsma | 13 |
| P. de Jong | 11 |
| D. Kooistra | 12 |
| L. Kuipers | 10 |
| S. Siebinga | 12 |
| A.K. Welling | 13 |

En dit wiene de fûgels:

| | |
|---|---|
| aalscholver | ielgoes |
| bokje | haarsnip |
| Jan van Gent | gint |
| nonnetje | lytse dûkein |
| emoe | |
| nimmerrat/ibis | |
| hop | hûpe |
| winterkoning | tomke |
| duinpieper | sânpiper |
| rietgors | reidmosk |
| bruine kiekendief | brune hoanskrobber |
| zilverplevier | slykwilster |
| kwartel | |
| drieteenstrandloper | moddersnip |
| meerkoet(en) | markol(s) |

## IT WITTEN WURDICH

### NIEUWS UIT DE PEUTERSPEELZAAL "DE KROBBE"

De peuterspeelzaal draait nu 5 maand, momenteel zijn er 14 peuters die komen spelen. De kinderen vinden het allemaal mooi om naar de peuterspeelzaal te gaan. Ze spelen nu meer met elkaar dan in het begin, toen was ieder meer afzonderlijk bezig. De peuters kunnen hun energie hier goed kwijt. Met name de nieuw aangeschafte speeltoren is een succes. De kinderen mogen vrij spelen, dit houdt in, dat ze zelf kunnen beslissen wat ze willen doen. Wij als leidsters helpen ze of stimuleren ze. We dwingen
ze niet.

Veel ouders hebben gevraagd naar de tekst van het versje dat wij zingen voor we limonade drinken.

Twee handjes op de tafel
twee handjes in je zij
twee handjes op je hoofd
op je schouders allebei.

De éne in de hoogte
de ander doet ook mee.
Nu steken we ze recht vooruit
en draaien ze alle twee.

De duimpjes zijn de dikste
de pinken zijn maar klein.
Nu moeten beide handjes
1, 2, 3 op 't ruggetje zijn.



Mijn handjes zijn verloren
ik heb geen handjes meer.
Nu komen ze naar voren
daar zijn mijn handjes weer.

Nu maken we twee vuisten
zo rond als het maar kan.
Daar gaan we nu mee rommelen
van rommel de rommel de bom.

Wij hebben die ouders, die kunnen en willen zien hoe de kinderen bezig zijn, uitgenodigd eens een ochtend mee te draaien. Wij houden een dagboek bij, waar we kinderuitspraken en onze activiteiten in schrijven. Dit dagboek kan op de eerstvolgende ouderavond (28 februari) doorgekeken worden.

De kinderen die nu de peuterspeelzaal bezoeken zijn: Hendrikje Marinus, Henny v.d. Bij, Marten Nolles, Jurjen Veenstra, Gea de Vries, Kornelis Deelstra, Hendrik de Vries, Wieger Doeke Faber, Michelle Wester, Marja Riemersma, Ido Kooistra, Antje Pietersma, Aleida Kooistra, Katrien Adema en Sietske Postema.
Inmiddels hebben de eerste kinderen de peuterspeelzaal verlaten en zijn naar de kleuterschool gegaan. Het is een fijne overgang via de peuterspeelzaal naar de kleuterschool. Ouders, die er over denken hun kind op te geven kunnen gerust eerst met hun kind langskomen om te zien hoe hun kind erop reageert.

Wietske Veenstra

### AMNESTY INTERNATIONAL
**Oudega – Garijp – Eernewoude**

Op woensdag 8 december en 12 januari hebben we onze maandelijkse schrijfavonden gehouden. Er werd geschreven voor politieke gevangenen uit Chili, Zaïre, Sovjet Unie, Central Afrikaanse Republiek, Zuid Korea en Tsjechoslowakije. De opkomst was redelijk, 29 en 33 brieven zijn er geschreven.



Iets meer belangstelling zouden we toch op prijs stellen. Een bericht waar we erg blij mee zijn is dat uit officiële rapporten uit Zaïre valt op te maken, dat Kabakisa Matuka uit Zaïre, voor wie we in november hebben geschreven, is vrij gelaten, samen met 84 andere gevangenen. De eerstvolgende schrijfavond is op 9 februari tussen 19.00 - 21.00 uur in het Miensker.

Van harte welkom.

### JIERGEARKOMSTE FAN DE FORIENING "HET GROENE KRUIS OPEINDE E.O."

Op 14 FEBREWARIS 1983 om 20.00 ûre yn It MIENSKER to Aldegea. Nei it saaklike diel fan de gearkomste is d' er foar de leden gelegenheid om IT NIJE UNDERKOMMEN FAN IT GRIENE KRUS yn it Miensker te bisjen.

It Bistjûr

**Is febrewaris tsjok en skier, dan krij' wy licht en reinich jier.**

## DAMTOERNOOI LEGERE SKOALLEN



Net allinne op'e damklup, ek op'e Kr. skoalle binne se de lêste jierren omraak oan it damjen.

Under lieding fan G. Tjeerdsma, S. Siebenga en W. Wijma hawwe op 8 jan. l.l. trije ploegen meidien oan it damtoernooi foar Smellingerlânske legere skoallen. De ploegen III en II kamen wol troch de foarrûnten, mar yn'e heale finale fûnen se har masters. Ploech I mocht nei de finalewedstriden.

Dy finale wie op 12 jan. l.l. Se ferlearen fan de skoalleploegen Maitiidslibben II en Ts.D. Boelensskoalle. Mar se spilen dy deis dochs sa goed, dat se tredde waarden fan Smellingerlân (fan 41 ploegen).
De útslach wie:
1e Maitiidslibben I;
2e Sjalom I;
3e Kr. sk. Aldegea I.
Yn Aldegea I spilen: Liuwe Wijma; Aalsen Wijma; Roelof de Jong; Gjalt Jan v.d. Lei, Cor Tjeerdsma en Ronald de Vries.
Dy sille dus skielk meidwaan oan de kampioenswedstriden foar Fryslân te Grou. Coach Siebe Siebenga: "As se like goed damje as yn'e foarrûnten en de heale finale en har senuwen de baas bliuwe kinne, dan hawwe se in kâns om by de earste acht fan Fryslân te kommen".
Hy betanket dy minsken, dy't ree stiene om de damploegen twa kear nei Drachten ta te riden.

**Dy't jild hat kin jild winne, sei lânhearre, en hy strûpte de boer it fel oer de nekke.**

## YNSTJOERD

### LEKKER ITEN EN NET DJOER

**Aaien en salami**

Foar twa persoanen:
2 sipels,
1 doaske sjampinjons (plm. 170 gr.),
20 gr. bûter,
5 aaien,
sâlt, piper, 1/4 theeleppelfol komyn (meald),
plm. 50 gram salami.



Sipels en de woskene (mar droege) sjampinjons yn in net te lytse panne mei bûter stove. Aaien met salt, piper, komyn en twa brijleppelfollen wetter yn'e panne jitte. Skiven salami der boppe-op lizze. Yn panne mei lid der op plm. 5 menuten stiivje litte. De persoan 465 kaloryen, is 1946 joule. Lekker om te ïten mei roggebrea of grouweitenbôle en bûter.


Maak eens een proefrit met het origineel.




Eerste van een nieuwe autogeneratie. Dus voorlopig niet te imiteren. De nieuwe Datsun Stanza. Het origineel. De meest uitgebalanceerde middenklasser met voorwielaandrijving.
De kracht van een sprinter. Zuinig.
Maximaal rendement uit normale (!) benzine. Aerodynamische styling.
Maximale interieurruimte. Zo wekt de Stanza de indruk van binnen groter te zijn dan van buiten.

Beschermende veiligheid in de totale constructie. Koersvast weggedrag onder alle omstandigheden.
De nieuwe Datsun Stanza. Het origineel. Vooruitstrevend. Eigenzinnig in temperament. Nieuwe 1.6 en 1.8 liter motoren.
Nu bij ons. Klaar voor de eindtest uw proefrit. Prijs incl. BTW. af Lisse
v.a 17.995,-.

NISSAN
Datsun van Nissan.

ABD
autobedrijf drachten b.v.

DE HEMMEN 1
DRACHTEN
Tel. 05120-12100
Na 18.00 uur
Tel. 05120-14967-18575



Rijwielen o.a. GAZELLE en UNION.

De vanouds bekende SMID
van OUDEGA met een
nog echt open vuur.
Tel. 05127 - 1536

*A.J. WELLING*
*BUORREN 18*
*OUDEGA*

## "SAMEN OP WEG"

Yn'e Doarpsomropper fan desimber 1982 stie oer boppesteande in stikje fan Master de Jong. As it mei, dan wol ik der noch graach wat by fertelle. Der stiet sa hiel gewoon: "De gereformeerden dy binne der twa kear útgien; kreauwerij tusken bruorren en susters". No Master sa ienfâldich wie it fansels net, en "kreauwerij" is sa 'n goedkeap en raar wurd foar sa 'n saak . . . . . As Jo hjir sa oer skriuwe dan tink ik, dat Jo fierder fan Jo doel komme yn stee fan tichterby (wat Jo bedoeling is). Sjoch Master, ús eigen Mem fertelde ús dat hja mei Beppe nei it skoallehûs gongen . . . jûns by 't tsjuster . . . hiel temûk . . . dan kamen dêr in stikmennich minsken byelkoar en it haad fan 'e skoalle hie de lieding. (hûsgemienten) Wêrom ? Us Pake sei dan: "Sjoch berntsjes, de domenje hjir yn'e Steatstsjerke (Wommels) dy preket oer treinen en trammen dêr hoege wy net foar nei tsjerke . . . nee, wy moatte Gods wurd en ús belidenis hearre, dêr 't wy yn 'e wike wer fierder mei kinne . . . dat wurd dat ús ta stipe is yn ús deistich bestean. Ja . . . mar dy húsgemienten dy wiene ferbean . . . (ferfolging). Litte wy mar tichte by hûs bliuwe. Op 't Utein, yn dy hoeke der 't Willem Bouma wenne hat, dêr hat in âld pleats stien en dêr wenne Jan Arjens Mulder. By Mulder dêr kamen de leauwigen ek by elkoar . . . mar Mulder en v. Houten en (Veenstra ?) dy krigen elk 10 of 20 gûne boete. Letter . . . doe't de Hearen Reginten wol seagen dat hja it leauwe net keare koene . . . doe binne der lytse tsjerken en lokalen boud. Wy hawwe der as bern ek noch wol mei Pake hinne west en sa lyts as wy wiene, wit ik no noch hoe as dy lytse mienskip yn it lokaal dêr song: "Verlosser Vriend o hoop o lust van dy U kennen . . . .". Dat hiene Jo hearre moatten Master . . . Sjoch dit woe ik no graach fertelle om't de Gereformeerden wier de skuld net hawwe moatte dat hja út de tsjerke gien binne. Jo kinne rêstich sizze dat hja der út set binne. (Ds. de Cock Ulrem 1829 earst skorst, doe ôfset en trije moanne yn'e finzenis). De minske Regeleminten waarden boppe de belidenis en boppe Gods Wurd setten en doe't der foargongers wiene, dy't de Herfoarme tsjerke wer suverje woene doe binne hja dêrom ferfolge . . . en de arbeidersminsken (moai wurdt foar proletariers) dy moasten harren doe sels mar rêde. Wylst it jild yn de Herfoarme tsjerke bleau . . . As it mei dan wol ik noch wol mear fertelle út myn oantekeningen; earst samar. Mei tige tank foar it pleatsen.

D. v.d. Mark

## TANK FOAR 20 NOV. '82

De beide froulju van'e Eastersânning nrs. 5 en 7
hawwe hiel wat efter de hân.
Neist in skilderkursus en ien foar't meitsjen fan
poppen,
kamen se ek noch mei in eksposysje op'e proppen.
't Fersoargjen fan bern en man,
dêrtusken troch in flutterke, no en dan.
Sokke minsken binn' wy bliid mei yn us doarp,
dy't net allinne tinke om'e brogge,
mar ek wat foar de mienskip dogge.
Tige tank dus, froulju, foar dat folle wurk,
ek tank oan harren manlju, Bart en Durk,
dy't jûns mannich oerke allinne sieten,
en by de yntree de gûnen rôlje lieten.
Troch dat barren binne w'yn'e kunde kommen,
mei wat der yn ús doarp sa makke wurdt
oan han-, hout-, blomme- en skilderwurk.
Sa sjogge wy, dat wy meielkoar wat berikke kinne
as der mar warbere minsken binne.
Wy hoopje, dat jim nei ferrin fan jierren, wer
besykje om noch sa'n dei te organisearjen.

Aldegea.

Doarpsgenoate
(namme by redaksje bekend)

## UT OARE BLEDEN

### RESERVE LEGER

Pas in de jaren zestig, toen er een enorm tekort aan arbeidskrachten ontstond werd er een beroep gedaan op het "reserve leger": de plattelanders, de gehuwde vrouwen en tenslotte de gastarbeiders.

"Toen werden de vrouwen met mooie woorden naar het werk gelokt, dat was de tijd waarin de fabrieken als Bruynzeel en Philips crèches organiseerden, de SRV-man 's middags aan de poort kwam enzovoort. Nu het slecht gaat kan dat reserveleger weer inpakken, maar dat kost moeite want het bewustwordingsproces is wel op gang gebracht en dat draai je niet zomaar terug. Er is in de afgelopen jaren op gehamerd dat het belangrijk was voor vrouwen om een goede opleiding te genieten en de mogelijkheden waren er ook. Dat nu heeft de emancipatie de grote duw gegeven, men noemt het feminisme nog wel vaak elitair, maar net als in de arbeidersbeweging zie je dat als intelligente mensen zich er niet mee bemoeien, er niets gebeurt". aldus Hetty Pott-Buter.

In de hele discussie over de bezuinigingen lopen volgens haar drie punten door elkaar: het betaalde en onbetaalde werk is slecht verdeeld; de verdeling van het betaalde werk laat ook al veel te wensen over en de beloning voor dat betaalde werk is zeer ongelijk.

"De overheid heeft op dat alles een gigantische invloed via het systeem van de belastingen en sociale verzekeringen. Het komt aan op de vraag: hoe krijg je een situatie waarin het wel allemaal gelijk verdeeld is. Het meest ideale zou zijn: een basis-inkomen voor iedereen, dus ook voor vrouwen. Dat is ook de kern van het onderzoek waarmee wij in januari van start gaan: hoe individualiseer je het inkomen. De huidige bezuinigingsmaatregelen vormen daarvoor zeker geen oplossing. Die zijn allemaal gericht op het oude ideaal: de mannen aan de macht. Maar die mannen vergeten maar al te vaak dat het zover heeft kunnen komen omdat ze een vrouw thuis hadden die voor hen zorgde, dáár wordt nooit over gesproken".

(De Tijd, 17.12.82)

### ZANGTAAL

Het Fries zou de zangtaal van Nederland moeten worden. Het heeft een grote rijkdom aan klanken, heb ik ontdekt. Nederlands is een saaie koopmanstaal, met veel dooie klanken.

(Jazz-musikus Joop Verbeke
yn'e Ljouwerter krante fan 14.1.'82)

**Alles moat op syn plak, sei Ulbe, en hy moast yn 't hûnegat.**


**D. BERGSMA** TIMMER- en AANNEMERSBEDRIJF



Mr. Oppendijk van Veenweg 38c - 9251 AG Bergum

TELEFOON 05116 - 4098

* Voor al uw onderhoudswerk; nu is GROOT ONDERHOUD zoals fundering, vloeren, kozijnen, deuren en dak vanaf januari '83 weer fiscaal aftrekbaar.
* Alle verbouw en nieuwbouw.
* Machinaal timmerwerk o.a. kozijnen, deuren en ramen.
* Levering bouwmaterialen, bij enig kwantum scherpe prijzen.
* Voor het verzorgen van UW BOUWAANVRAAG, inclusief tekenwerk.

# In smidte mei iepen fjoer

**Eartiids wiene der in hiel soad smidten (smederijen) yn Fryslân, dy't mei iepen fjoer wurken. Dat wie doe hiel gewoan, mar dat is it no hast net mear. Der binne noch mar inkelde, dy't it op dy wize dogge. Yn 'e measte smidten binne foar it fjoer allang moderne masines yn it plak kommen, dêr't de smid itselde wurk helte makliker mei dwaan kin.**



Mar yn Aldegea (wy hawwe trije Aldegea's yn Fryslân, mar it giet hjir om Aldegea yn 'e gemeente Smellingerlân), dêr is noch in smid, dy't mei echt fjoer arbeidet. Dat is de hear A. Welling, en dy wennet midden yn Aldegea. Syn hûs is hiel maklik te finen, want it is it iennichste hûs yn 'e buorren, dêr't noch sa'n moaie âlderwetske linebeam foar stiet.

## Twahûndert jier

Al twahûndertentwa jier hat yn dy smidte in Welling smid west, fan heit op soan gong it hieltyd. ,,Mar,'' seit de hear Welling, ,,ik bin no de seisde smid hjir, en ik tink de lêste. It kin sa ek hast net mear. As ik allinne fan dit wurk bestean moast, dan wie it net bêst. It echte smeiwurk is dien, en dat achtsje ik wol spitich, want it is in moai fak.''



De hear Welling ferkeapet no ek fytsen derby en makket dy. ,,Ik bin no hast fyftich jier smid,'' fertelt de hear Welling. ,,Doe't ik fan 'e ambachtsskoalle kaam (dat neame wy no de L.T.S.), bin ik by ús heit yn 'e smidte kommen. Ik wie doe fyftjin jier. Doe hiene wy it drok. Wy hiene doe ek twa fjoeren. Wy diene in soad wurk foar boeren, dy't mei stikken ark by ús kamen, wy makken kachelpipen, wy reparearren lekke tsjettels en pannen en wy diene in soad oan hynderbeslaan.'' Dat is hynders hoefizers ûnder de fuotten dwaan, wit jim wol.

## Molkweinen

,,Yn 'e tiid dat de molke fan 'e boeren noch mei hynder en wein nei it fabryk brocht waard, rieden hjirre yn 'e omkriten sa'n fjirtjin weinen en dy hynders moasten wy allegearre beslaan. En dat moast hieltyd wer, sa om de seis wike sawat. Dat wie ek it swierste wurk, dat hynderbeslaan. Ik haw ek wol ris in traap hân, hear, mar noait slim gelokkich. Wy hiene doe alle mjitten hoefizers yn foarried, fan lyts oant grut. Mar, dat is no allegearre foarby. Ik doch it noch wol ris, hiel inkeld.''

Efteryn de smidte hinget in hiteluchtkachel. Dat hoegde earder net. ,,Nee,'' seit de hear Welling laitsjend, ,,wy sloegen ús wol waarm! Want as men mei dy swiere hammers op it ambyld omhuffe moast, dan woe't wol switte, hear.''

## Ambyld

Wat in ambyld is, witte jimme grif wol,dat is dat grutte metalen blok, dêr't de smid op arbeidet. It ambyld dat de hear Welling hat is 245 kilo swier. Silst dat op 'e teannen krije!

It fjoer baarnt ûnder in grutte kap, wêrtroch de reek omheech giet. Fetkoal stookt de smid. Wa fan jimme noch wit wat antrasyt is, wit ek hoe't fetkoal der útsjocht, want dêr liket it op. Lytse swarte stien-



*En mar huffe op it ambyld! Rjochts it fjoer mei de fetkoal*

tsjes lykje it. Mar, dizze binne fet, om't se dan yn't fjoer rane en sa it fjoer moai ticht meitsje, sadat it binnenyn goed gloeie kin. Dêr stekt de smid dan syn smeitangen en soldearbout yn of wêr't er ek mar mei dwaande is.

## Wetter op it fjoer

,,As it fjoer bot heech oplôgje soe,'' seit de hear Welling, ,,dan giet alle waarmte ta de skoarstien út. Mei fetkoal bliuwt de waarmte yn it fjoer.''
Sa no en dan makket de smid in soarte fan bjinder oan in izeren stêf wiet yn 'e kuolbak foar it fjoer. Yn dy kuolbak sit wetter. Mei dy bjinder strykt er dan oer it fjoer, dan lûkt it fjoer noch tichter.
De smid syn hannen binne no aardich skjin, mar dy sille ek wol ris poerswart wêze. Hoe kriget er dy dan wer skjin? ,,Mei griene sjippe,'' seit er, ,,dat wol it bêste.''
De smid is no mei in kôkkachel oan 'e gong. In âlderwetskenien, mar dit is in hiele moaienien, wyt gimmeleard, mei blomkes der op. De frou fan wa't dy kachel is, wol dêr wer iten op siede, om sa wat gas út te sparjen. Yn dy kachel kin se fan alles stoke, hout, turf, wat dan ek mar. De smid moat dy kachel no wer sa meitsje, dat er te brûken is. Yn 'e oarloch hat de hear Welling ek wol kachels makke fan molkbussen. ,,Och,'' seit er, ,,ik haw fan alles wol by de ein hân. En ik die it altyd graach.''
As in bern no sizze soe: ,,Ik wol ek smid wurde,'' wat sizze jo dan? De hear Welling: ,,Dan soe'k sizze: Brûk dyn ferstân! Smid wurde? Kinst tink better goudsmid wurde!'' Hy laket ris. ,,Tiden feroarje. Lyk as it eartiids gong, sa kin it no net mear. Mar, der binne no ek in hiele protte dingen better as doe!''

FROUKJE ANNEMA

**Trim- en sportschoenen zijn helemaal in.**



Als U schoenen met ze gaat kopen, willen ze niet anders. Ze lopen er immers allemaal op.
't Moeten blitse stappers zijn met sterren en strepen. Goed voor hun voeten is 't niet. Logisch, 't zijn en blijven sportschoenen.

**Piedro komt met 'n verantwoord alternatief.**

Ja, Piedro komt met 'n goed alternatief, 'n nieuwe sportieve stapper.
'n Echte Piedro met alles erop en eraan. Met 'n leren binnenschoen en glanzend nylon van buiten. Piedro in hun eigen stijl.

**De nieuwe kollektie staat nu voor U klaar.**

GARANT SCHOENEN

**Lampers schoenen**

Schoolstraat 24, 9251 EG Bergum - Telefoon 05116-1508

## FAN ALLES WAT

Wa kin my helpe oan in foto dêr 't ús mem op stiet? Har famkesnamme wie Wimke v.d. Zee. Hja troude mei Haaie v.d. Wal en hja hat wenne yn'e Eastersâning, op'e Skoallereed en it Mounpaed. Myn tank yn't foar.

V.d. Wal, Ganker 8, Nibbixwoud

## TE KOOP:

Wasautomaat t.e.a.b. — P. Feddema, Dwarssingel 6.

## FEESTAVOND VOGELWACHT-WATERSPORTVERENIGING

De feestavond van de vogelwacht-watersportvereniging is op vrijdagavond 4 maart in 't Miensker.
U krijgt nog nader bericht over het programma van die avond.

## ZANGVERENIGING "DE LOFSTEM"

Op zondagavond 13 februari geeft de zangvereniging "De Lofstem" om 8 uur in de Geref. Kerk, een concert. Samen met het zangkoor uit Rinsumageest en de muziekvereniging "Looft den Heer".

Allen hartelijk welkom,
Het bestuur

## VERLOREN

Wie heeft een kinderfiets gevonden? Kleur paars. Voor plm. 4 à 5 jaar. Omgeving Kromdeel/Roundeel. 1e week januari. Terug te bezorgen bij Tjitske Marinus, Roundeel 13.

## DE WYN

As de wyn der net wie:
Tink eris oan . . . .
Wa drifke de wolkens oan 't blau omheech,
De flechtige skaden oer 't fjild?
Of wa joech oan 't reid dan dat wif beweech
Sa 't jimmer it deldûkt en tilt?

As de wyn der net wie:
Tink eris oan . . . .
De weet en it weagjende koarn stien' stil,
Der waaide gjin swietrook fan 't swee.
It ljocht yn'e feart fonkle nea sa gril,
Gjin dampen wâlen út see.

As de wyn der net wie:
Tink eris oan!
Hy rûzet — syn godlike oarsprong nei —
In liet dat ik lofsjonge wol,
Sa sterk as yn 't earst op in skeppingsdei,
Fan tiid en fan ivichheid fol.

(Ype Poortinga, De Tsjerne, 1948)



# Twaalf maanden van het jaar tuinier-plezier in uw eigen tuinkas




## grote Baco aluminium tuinkas

Het bezit van een tuinkas vergroot de mogelijkheden van tuinieren aanzienlijk.
U kunt er groente in telen, tuin- en kamerplanten in kweken.
Of orchideeën, cactussen en druiven.

* 3.98 m lang, 2.53 m breed
* kompleet met glas
* met een garantie van 25 jaar op constructie en materiaal

Normale prijs 2095.–

nu voor 1695.-

Er is al een tuinkas voor 995.-




Zaai nu
- KWEKERS KWALITEIT -
Met Dixie tuinzaden.
De zaaitijd is nù begonnen.
Zelf gekweekt is mooier èn lekkerder !
Neem GRATIS mee. Dixie Rama een kijkboek vol tips, groente en bloemzaden.

## 30% korting op alle GROENTE en BLOEMZADEN

Bijvoorbeeld:

| | | |
|---|---|---|
| 1 pakje | WORTELEN Amsterdamse bak | 2.50 |
| 1 pakje | SPRUITKOOL Rood nerf | 2.25 |
| 1 pakje | KROPSLA Meikoningin | 1.90 |
| 1 pakje | RODE BIET (kroten) | 2.25 |
| 1 pakje | TOMATEN | 2.25 |
| 250 gr | TUINBONEN | 5.40 |
| 100 gr | DOPERWTEN (rijs) | 3.60 |
| 100 gr | STAMSLABONEN dubbele witte | 4.25 |
| 100 gr | SPINAZIE (zomer) | 2.60 |
| 1 pakje | AFRIKAAN | 1.35 |
| 1 pakje | LEEUWENBEK | 1.95 |
| 1 pakje | AGARATUM | 1.35 |
| 1 pakje | VLIJTIG LIESJE | 1.95 |
| 1 pakje | PYRETHRUM | 1.35 |
| 1 pakje | BOSVIOOLTJE | 1.95 |
| | Totaal | 36.90 |
| | Uw korting 30% | 11.10 |
| | U betaalt | 25.80 |

— Alles kwekerskwaliteit, dus kiemkrachtig —

## venster-bank kasje

van kunststof voor 48 Jiffi potjes



CAF winkel prijs 7.95

## broeibak



aluminium
Kompleet met glas,
afmeting 129 x 89 cm
hoog 64 cm

198.-

## voorkom onnodig wachten

Laat nù uw gazonmaaier, frees, kettingzaag, enz., nazien en/of slijpen.
Het is de juiste tijd ervoor.
Vakbekwame monteurs voeren uw opdracht graag en secuur uit.

## hakfrees

ISEKI



Levert ook op zware grond prima werk.

* diepgang 25-30 cm

Werkbreedte: 32-57 cm

Vanaf 1195.-

## jiffy-pots



opkweekpotjes

per 24 stuks 3.50

## CAFtuin/dier speciaal winkels en doe-het-zelf




| | | | | |
|---|---|---|---|---|
| BOLSWARD Industriepark | FRANEKER Prins Hendrikkade 13 Ingang Julianastraat | JUBBEGA Gorredijksterweg 54 | OLDEBERKOOP Heerenveenseweg 3 | GEOPEND: op alle werkdagen* 8.30 tot 12.00 uur 13.00 tot 18.00 uur |
| DOKKUM Altenastraat | HEERENVEEN Heerenwal 177 | LEEUWARDEN P. Panderstraat 12 / LEMMER Vuurtorenweg 18 | WIJNJEWOUDE Klein Groningen 15 | op zaterdag 8.30 tot 12.00 uur 13.00 tot 16.00 uur |
| DRACHTEN de Bolder 75 | HOLLUM (AM.) Fabrieksweg | MARRUM (Mag.) Heerewal 12 | WOLVEGA Stationsweg 12 | * ook geopend op de plaatselijk geldende koopavond |

* uitgezonderd Jubbega en Oldeberkoop

## Flymo en Wolf gazonmaaiers

Wij staan borg voor een goede SERVICE.
Met eigen reparatie en onderhoudswerkplaatsen.



## zitmaaier



HAKO
Voor de grotere gazons.
Eenvoudig te bedienen

Vanaf 3995.-

## 2 wielige trekker

ISEKI

Voor frezen - ploegen - maaien enz.



Basis-machine vanaf 2490.-

Nog enkele stuks voor 2075.–

## Dixie-set



Met 6 potjes met kweekgrond en zaad
Voor tuin en balcon

| | |
|---|---|
| aardbeien | 6.50 |
| tomaten | 5.50 |
| geranium | 6.50 |

## SKIEDNIS

### DIT WIENE EK ALDEGEASTERS

**Stimme**

"Tynke", sei Jan Vaartjes "wolst ek in ryksdaalder fertsjinje?".

"Jawis wol", andere Tynke (Martinus) Wiersma. "Wat moat ik der foar dwaan, jong?". "Moast AR stimme", sei Jan Vaartjes. "Wolst dat wol?". "Eh jonge ja wol," sei Tynke en hy hold de hân al op. Hy krige syn ryksdaalder en twa minsken stapten tefreden fierder. It wie yn 'e ferkiezingstiid, dat sadwaande.

In dei letter rûn Tynke in foaroanman fan 'e SDAP tsjin 't liif. Dy naam him efkes geweken.

"Tynke", sei er "soest wol in ryksdaalder fertsjinje wolle?". "Fansels", sei dy. "Mar wat moat ik dan dwaan, ju?". "Moast SDAP stimme," sei de man. "Oars neat". "Komt klear," sei Tynke.

Hy barde syn ryksdaalder en se gongen tefreden by mekoar wei.

Nei it stimmen moat Tynke sein ha, dat er echt wier AR en SDAP stimd hie.

d. J.


***Wij zijn altijd goedkoper***

**Familiedrukwerk - Handelsdrukwerk - Kleurendruk**

Reclamebureau - Sneldrukkerij

R.I.J.Ô. b.v.

Het Anker 7 9206 AL DRACHTEN

Tel. 05120 - 12468


**Teunis Peteroalje**

Yn in lyts houten hûske, dat der no net mear stiet, hielendal efteroan op 'e Arkepôle, hat in man wenne, dy 't se yn Aldegea Theunis Peteroalje neamden. Dat wie fansels in bynamme, syn fan wie Elzinga. Hoe 't er dy namme krige hat? Guon miene, dat er in hanneltsje yn peteroalje hie, mar net ien wit it krekte der fan. Der wie ien dy sei: "Theunis hat ek lampe-opstekker west". En it soe ek kinne, fansels, dat er sa oan dy bynamme kommen is. Foar 1922 (doe kaam it "nije ljocht") stiene der yn it doarp in stikmannich strjitlantearnen, dêr 't peteroaljelampen yn stiene. Om dy lampen op te stekken, by te foljen en te ûnderhâlden wie der in lampe-opstekker oansteld troch it gemeentebestjoer. Twa kear deis, moarns en yn skimerjûn, reizge de lampe-opstekker mei in koart leiderke en in peteroaljekanne by syn lampen lâns en dy syn wurk. En dat soe dan in jiermannichlang ek Theunis syn wurk west ha. It is mooglik, dat er sa oan syn bynamme rekke is.

Mei syn dochter Marte wenne er op 'e Arkepôle. Dy dochter troude letter mei Jan Steendam en krige twa soannen, Kees en Lammert. Theunis hie in stikje bou op 'e Jitskekamp. Dat is in stik grûn oan 'e Jitskereed (notiids de Eksteursreed). Der wiene mear dy 't dêr in kampke bou hiene, de Jitskekamp wie doe alhiel yn lytse perseeltsjes ferdield. Mannich bewenner fan It West en omkriten boude dêr syn griente en wintertarring. Dat die Theunis dus ek. De man, dy 't it kampke njonken Theunis sines brûkte, stie er fansels wolris mei te praten oer 't waar en it gemaak. It wie Theunis syn type oars net, dy man. Wat fan syn grûn kaam wie altyd swierder en grouwer as wat op Theunis syn tûntsje groeide. Syn ierpelloffen sieten grouwer en mear ierpels oan as oan Theunis sines, syn reade biten en koallen wiene wol helte grutter as dy fan Theunis as men him hearde. Alles wat op Theunis syn tûn groeide hie gjin hanwetter oan wat der fan syn grûn kaam.

It wie ierpeldollerstiid. Theunis en dy man wiene beide op harren tûntsjes drok oan 't wurk. Doe 't it tolve oere wie hold de man op om nei hûs te gean. Hy rûn noch efkes by Theunis lâns foar in praatsje en oan him te hearren wie it wer yn 't rare wat er wol net fan syn tûn helle. Doe stapte er op, nei de itenspanne. Mei wjeraks seach Tehunis him nei. "Ik sil dy wol krije", tocht er. "Ik haw myn nocht fan dyn opskepperij".

Doe 't de man goed en wol út it sicht wie lichte Theunis mei de griepe hiel hoeden it rychje ierpelloffen op dêr 't er oan ta wie, lei der hanfollen grouwe ierpels ûnder út syn koer en sette de planten wer hoeden del. Tefreden beseach er syn wurk en pandere nei hûs ta.

Doe 't Theunis de middeis wer op 'e bou kaam wie syn buorman dêre al wer oan 't wurk. Theunis krige syn gripe en begûn ek. Doe 't er in pear loffen lichte hie rôp er oan de swetshals: "No moatte jo hjir ris sjen, dit is yn 't rare!". De man stiek de gripe yn 'e grûn en skonke op Theunis ta. "No, wat is der oan?" frege er. "Sjoch," sei Theunis en lichte de plant hielendal op "hawwe jo soks wolris earder belibbe?". Hy klaude de ierpels út 'e grûn en begûn te tellen: tsien, fyftjin, tweintich grouwe ierpels oan ien lof. De man stoarre der nei mei grutte eagen. "Is it net merakels? No sille wy hjir ris ûnder sjen," rôp Theunis optein en begûn it folgjende lof te lichten. Dêr sieten noch mear ierpels oan en oan it folgjende ek. De man waard der stil fan. Fan syn pochen en blazen hie Theunis letter gjin lêst mear.

Hjirboppe is niis it jier 1922 al neamd en it "nije ljocht". It woe earst net rjocht mei de elektrisiteit yn ús gemeente. Yn 1921 wiene der prikken yn 't wurk set om Smellingerlân te elektrifisearjen. Wa 't elektrisiteit ha woe moast dat efkes oan 't gemeentebestjoer witte litte. Mar dat waard in ôfdijer, yn hiel

**KOOS BAKKER'S**

**KLEERMAKERIJ**

**DRACHTEN**

Ook het adres voor al uw
ruiterkleding en toebehoren
van het wereldmerk "PIKEUR"

**Moleneind 44, tegenover Elmar**

**Tel. 05120 - 31533**
**b.g.g. 05120 -12516**

Stoppage verzorgen wij ook voor u.

Tevens reparatie-inrichting voor alle
lederwaren (tuigen, halsters)
en ook voor het opstoppen van uw zadel.


Smellingerlan wiene mar 652 gadingmakkers. Neffens it PEB hiene der op syn minst 1270 wêze moatten, allinne oan dat tal koe de stroom levere wurde foar 45 sinten de kWh. Mar doe hat de ried de punt der ôfbieten, op 8 sept. 1921 naam er it beslút om Smellingerlân op it elektrysk net oan te sluten.

Yn Aldegea hawwe de technisi Karst en Kooistra it net oanlein. Wikenlang hawwe se der oan wurke. Hja leine by Folkert de Haan yn 'e kost. Yn dy wiken, waard my ferteld, hat ien fan dy twa hjir ek syn wiif fûn.

Doe 't it kerwei hast klearre wie is der by Baaie yn 'e skuorre in útstalling fan lampen hâlden. De minsken koene dêr sjen wat der op dat mêd te krijen wie en derút in kar dwaan.

Theunis Peteroalje is yn febrewaris 1922 ferstoarn. Oft it wier is wit ik net, mar it soe faaks kinne, dat er it "nije ljocht" noch sjoen hat.

d. J.

P.S.:
Der moatte in stik of tsien peteroaljelampen yn it doarp stien hawwe. Fan ien fan dy lampen stiet de izeren ûnderein der noch, ntl. op 'e hoeke fan 'e Pastorijreed en de Achterwei. Wa 't dêr lâns komt moat der mar ris om tinke. Hy stiet yn 'e hage. Roel Bron hat by myn witten de lêste lampe-opstekker west.

**Dat komt fansels werom, sei de boer, en hy joech de baarch in stik spek.**




*Desnoods op de fiets naar Olterterp . . .*

*Want VERLOVINGSRINGEN in deze dure tijd gelukkig bij*

*"D E  S L A G"*
*in Olterterp*

*bijzonder goedkoop v.a. f 200,-- p/p, 14 karaat goud*
*en bekende merken*
*Ook zware zilveren geboortelepels*
*vanaf 195,-- gratis gegraveerd*
*Verder duizenden sieraden in GOUD en ZILVER*
*nergens goedkoper*
*Inruil van oud goud tegen de hoogste prijs*



*SELMIEN 2*
*Tussen Olterterp en Ureterp*
*Tel. 05125 - 1695*

## MEAR WITE FAN EIGEN KRITE

### Underwiis en skoalmasters

Oer it ûnderwiis yn 'e midsieuwen is net folle bekend. Op 'e ein fan 'e 16e ieu wurdt alles oars en dan krije wy der wat sicht op. Yn 1580 naam it regear fan ús lân, Fryslân, want wy hiene doe in eigen regear, in dryst beslút. Yn alle plakken moasten domenys en skoalmasters beneamd wurde. De herfoarme tsjerke waard de tsjerke fan de steat. Dy waard troch de oerheid as de iennichste wiere kristlike tsjerke beskôge en troch dy oerheid hoede en noede. Dat wie in drystmoedich beslút fan 'e Fryske Steaten, want Fryslân siet doe noch mei de oare Nederlannen oan 'e earen ta yn in oarloch mei it machtige Spanje en hoe 't dy ôfrinne soe wie doe noch neat fan te sizzen. De frede kaam net earder as yn 1648.

Wy kinne net oars sizze, as dat Aldegea der gau by wie om it Steatebeslút út te fieren en in skoalmaster te beneamen en in skoalle te stiftsjen. De posysje fan in skoalmaster fan dy tiid wie gâns oars as dy fan in skoalmaster fan hjoed-de-dei, it ûnderwiis nammers ek. Dy ûnderwizer fan doe wie in tsjerklike funksionaris, de tsjerke beneamde him, yn tsjinst fan de tsjerke moast er de bern (mar learplicht wie der net) les jaan. Foar in hiel lytse beleanning ornaris. It hoecht ús dan ek gjin nij te dwaan, dat in skoalmaster wol graach wat bybaantsjes ha woe, in lyts ynstruiinkje kaam wol te pas. De measte skoalmasters diene allerhande wurkjes en kerweikes foar de tsjerke, se wiene byg. gauris koster, kloklieder, tsjerkepaadskoffelder, tsjerkehôfmeander, haachsnoeier, foarlêzer en foarsjonger yn tsjerke. F'ral dat lêste, dat foarsjongen, wie wichtich. As der in nije master beneamd wurde moast, dan waard der net allinne acht slein op syn kwaliteiten as ûnderwizer, mar beleaven ek op syn kapasiteiten as foarsjonger. De sollisitant waard dan ornaris meinommen nei tsjerke en dêr mocht er dan hearre litte wat er fan it psalmsjongen meitsje koe. De doarpsnotabelen dy 't him hifkje moasten stiene yn, mar ek bûten, de tsjerke nei him te harkjen. Soms waarden der bûten de tsjerke wolris stokken yn 'e grûn set op 'e plakken dêr 't de kandidaten noch goed te hearren wiene. Wa 't it lûdst sjonge koe makke in goede kâns om beneamd te wurden.

Foar it gritenijbestjoer wiene de masters gauris doarpsrjochter en ûntfanger fan it belêstingjild.

Aldegea wie der gau by om in master te beneamen stiet hjir boppe al. It Steatebeslút wie fan maart 1580 en yn jannewaris 1581 wie der al in skoalmaster, al wie 't dan ien dy 't de bern "bij provisie" (foarhâns) leare moast. Syn namme wie SITSE ROLEFFS.

Yn septimber 1614 stie te uzes in TIEBBE THOMAS. De krekte tiid fan syn kommen is net bekend. Faaks stied er hjir al jierren foar 1614.

Yn febrewaris 1615 wie der yn alle gefallen wer in oarenien, in TAMME REIJNERS, dy 't letter skoalmaster te Twizel wie.

Master Tamme koe grif net sa bêst yn Aldegea aardzje, mar syn opfolger wol, want fan maaie 1616 oant syn dea yn 1641 wie master OFKE JOHANNES hjir skoalmaster, of deftiger sein, "schooldienaar". Master Ofke hie earder al skoalmaster te Burgum west.

Om ende by maaie 1641 kaam hjir in master DIRK HENDRIKS. Hy gong yn 1643 al wer fuort.

Fan maaie 1643 ôf oant likernôch 1648 stie master LIEUWE JEYPS hjir as "schooldienaar".

Dy earste skoalmasters nei 1580 wiene gauris r.k.-geastliken dy 't nei de herfoarme tsjerke oergien wiene.

d. J.


Wij zijn altijd goedkoper
Familiedrukwerk - Handelsdrukwerk - Kleurendruk
Reclamebureau - Sneldrukkerij
R.IJ.O. b.v.
v/h Osinga
Het Anker 7 9206 AL DRACHTEN
Tel. 05120 - 12468






## BY DE MONE

De foto yn'e Doarpsomropper fan des. '82 lit de Aldegeaster roggemone yn syn hiele hear en fear sjen. Wat spitich, dat wy dy net mear hawwe, tinkt men dan ûnwillekeurich. Diskear in foto, dy't makke is by de wide monedoarren. De foto sil sa om ende by 1937 makke wêze. De mone wie doe al ûnthade. De minsken op 'e foto binne fan l. nei rj.:
Sander Veenstra; Piter (poepke) Bron; Folkert de Jong; Douwe Bergsma sit op 'e knibbel van Hessel Herder; Jan Siebenga; Elle Geerligs.

# doarpsomropperke

**JONGES EN FAMKES**

Hoe moat
dizze mûs
by syn tsiis
komme?
Kinne jim
him helpe?






Dizze kear hiene wy in briefke yn 'e bus mei in jierdei er op, 31 jannewaris wurdt Nieske Hospes 7 jier. Fan herte lokwinske! Jimme meije allegeare jim bertedei ynstjoere, dan komt dat ek yn it doarpsomropperke. Nieske hat ek in tekening foar ús makke. Prachtig Nieske. Meiny hie in rebus ynstjoerd. Net ien hat de oplossing ynstjoerd? Wie er te moeilijk? Hjir komt de oplossing:

"Wie in mij gelooft zal leven".

No hat Meiny in puzzel makke. Freegje jim heit of mem mar as die jim efkes helpe. De antwurden fine jim yn 'e Bibel.

1. Hij mocht de machtige vijand verslaan met een heel klein legertje (Richteren 6)
2. Hij mocht elke dag bij de koning aan tafel eten. (2 Samuël 9)
3. Hij mocht gered worden uit het oordeel van God (Genesis 6)
4. Zij mocht Isaäk's vrouw worden (Genesis 24)
5. Hij mocht koning worden van Gods volk (1 Samuël 16)
6. Hij mocht met zijn vrienden bidden om de oplossing (Daniël 2)



Stjoer dit mar nei ús ta.
Conny en Sari



Om te kleurjen

# Kekke wol de wide wrâld yn

Yn'e blikke njonken de pleats fan boer Jelsma sit in geitsje oan it tsjoar. Kekke hjit se, lyk as in hiel soad geitsjes. Kekke hat dêr oars sa'n moai plakje. Der is gers genôch, de sinne skynt en se hat in moai hokje, dêr't se ynkrûpe kin, as it reint. Nachts sliept se dêr ek altyd yn. Mar dochs, Kekke is de lêste dagen hielendal net bliid. Se prottelet dêr wakker om. ,,Mé-é-é," ropt se. ,,Wêrom moat ik altyd oan it tou? Mé-é-é, ik wol frij wêze. Frij, krekt as de bern en de grutte minsken. Ik wol fuort, fier fuort, de wide wrâld yn. Ik haw myn nocht hjirre. Ik wol los, mé-é-é, lit my no los!"

**Kekke is frij!**

En mar wer skuort se oan it tou, dat aaklike tou. Hieltyd fûler, hieltyd fûler, krekt salang oant it tou ,,knap" seit. Kekke is frij! ,,Mé-é-é," ropt se bliid,



,,ik bin frij, ik bin frij, mé-mé-é!''
Se rint daliks om de pleats hinne, nei de dyk ta. Nimmen dy't it sjocht. No giet se fuort, hiel fier fuort. Prachtich! Se rint samar de grutte dyk op, mar dan.... toetoet.... toetoet! Kekke springt fan skrik wol in meter tebek. Dy smoarge auto te toeterjen. Sy mei dochs krekt likegoed op 'e dyk? Wêrom net? Hé, man, wat in skrik.
As de auto foarby is, stapt se de dyk wer op en rint moai de kant fan 'e buorren út. Goh, wat is't hjir moai! En wat is de wrâld grut! Kekke hat oars noch noait wat sjoen as de blikke fan boer Jelsma. Se sjocht de greiden, de blauwe loft, se heart de fûgels sjongen en se fielt har sa frij, sa bliid. ,,Mé-é-é,'' ropt se en makket fan klearebare wille in pear nuvere bokkesprongen.

## Wat in drokte

Nei in skoftsje komt se yn 'e buorren. O heden, wat in drokte. Allegearre fytsen en auto's. Mar Kekke is net bang, hear, o heden nee. Se rint samar de winkelstrjitte yn.
,,Waf-waf,'' docht in hûn tsjin har. ,,Wa bisto?''
,,Ik bin Kekke, mé-mé,'' seit Kekke, ,,en ik gean de wide wrâld yn.''
,,Waf-waf, do bist dom,'' seit de hûn. ,,Meist net fuortrinne, dan wurdt dyn baas lilk en dan krigest gjin lekkere bonkjes en woarst mear.''
,,Mé, do bist sels dom,'' seit Kekke, ,,ik mei net iens bonkjes en woarst. En ik gean dochs moai op reis.''
,,Sels mar witte,'' seit de hûn en rint fierder.
Kekke ek, de oare kant út. Goh, wat is't hjir prachtich. Se wol it hjir allegear ris goed besjen.
Mar dan ynienen, oe heden, dan komme der in stik as wat jonges oanrinnen: ,,Hé, sjoch nó ris, in geit'', roppe se. ,,Hoe komt dy hjir? Kom jonges, der efteroan''. ,,Mé-é-é,'' ropt se benaud en de jonges roppe fan: ,,Hjirkomme geitsje, hjir do!'' De minsken op strjitte sjogge ferheard om. In geit yn 'e buorren, heden noch ta!

## Stomme geit

Se drave en drave, mar Kekke kin krekt hurder. Op 't lêst, in ein bûten de buorren, jouwe de jonges it op. ,,Stomme geit,'' roppe se noch, ,,wy krije dy noch wol ris!''
,,Mé-é-é,'' ropt Kekke, mar se tinkt: jimme krije my noait! Nimmen kriget my, ha, ha. Ik bin frij, frij en ik gean hiel fier fuort.
Se rint en rint. As se honger kriget, yt se wat gers út 'e berm. It wurdt middei en noch altyd sutelet se fierder. Dan, ynienen fielt se in drip, en noch ien. O, it begjint te reinen. Hoe moat it no? Kekke hat sa'n hekel oan rein. Wêr moat se no hinne? No kin se net yn har feilige hokje krûpe. Se giet ûnder in beam stean, mar dat jout net folle. ,,Mé-é'', ropt se, ,,wêr moat ik no hinne?''
Dêr komt in man oan fytsen. Hy trapet en trapet, hy is al aardich wiet, mar gelokkich is hy no hast thús. Dan ynienen heart er wat. ,,Mé-mé,'' heart er. Wêr komt dat wei? Och heden, no sjocht er it. Dêr stiet in geitsje ûnder in beam, in lyts wiet geitsje. De man stapt fan 'e fyts en rint der hinne. ,,Wat hawwe wy hjirre?'', seit er. ,,Hoe komsto hjir sa allinne?''

## Sa kâld en wiet

,,Mé-é-é'', seit Kekke, earmhertich, mar dat ferstiet de man net.
,,Heden, heden,'' seit de man, ,,earm bist, sa kâld en sa wiet. Kom mar.''
Hy pakt Kekke by it eintsje tou, dat se noch om 'e hals hat. Kekke lit it mar stil gewurde. Se is sa wurch en sa kâld.
De man besjocht har ris wat better en dan ynienen ropt er: ,,Hoe is it mooglik! Ik kén dy! Ik haw dy sels ferkocht, jawis. Ik sjoch it oan dat grutte wite plak op dyn rêch. Ik haw dy ferkocht oan.... wa wie dat ek al wer. Jawis, no wit ik it wer: oan Jelsma!''
De man is feekeapman en in skoft ferlyn hat er Kekke oan boer Jelsma ferkocht.
,,Heden, heden, do bist wol in hiel ein fan hûs, hear. Hoe kómst hjir sa?''
,,Mé-é-é-é-é,'' seit Kekke. Se wol de man álles fertelle, mar hy begrypt it net.
,,No, kom mar,'' seit er dan. ,,Kom mar mei.''
En dan, dan bringt de man Kekke wer nei hûs yn syn feeweintsje.
En as it jûn is, leit Kekke wer feilich yn har eigen hokje, yn har eigen blikke. Se is wer thús. Gelokkich!

FROUKJE ANNEMA

AUSTIN MINI METRO

vanaf f 11.990,--



VOOR INFORMATIE
OF EEN PROEFRIT
NAAR:

AUTOBEDRIJF HOFSTEE

Austin Morris Rover Triumph

Hoornweg 10 - 12, telefoon 05944 - 1475, 9363 EG Marum
v. Haersmasingel 17, tel. 05120-10125, 9201 KN Drachten

## DE KLEURPLAAT FAN DESIMBER

Jonges en famkes. Der hawwe net sa 'n protte bern meidien, dat foel ús wat ôf, mar der is wol moai wurk ynlevere. Twa froulju dy 't der ferstân fan ha (J. Friso en H. Paulusma) hawwe jim wurk besjoen. Se hawwe jim yn twa skiften ferdield, bern fan 4 - 7 jier en bern fan 8 - 12 jier. Fan it earste skift is LIMKE HUISMAN fan 'e Dykfinne de priiswinster, de priiswinster fan it twadde skift is RIEMIE JELSMA fan Boarnburgum, de bakkersdochter. Wy sille der foar soargje, dat jimme mei gauwens jim priis krije, hear. En lokwinske fansels.





Hawwe jo in frieskast of -kiste?
En wolle jo der graach poerbêst bôleguod yn ha?

SKILJE US DAN EFKES

Wy komme moandeis en tiisdeis mei bakkersguod
yn Aldegea
Wy hawwe no ek waddenbôle, zonder vet
puur natuur

**Waarme Bakker**
**J. JELSMA**

**Boarnburgum** **Tillefoan 05126 - 1215**

## SOSIALE WURKLIST

**GROENE KRUIS**
Spreekuur S. Hemminga, Bergum: maandag t/m vrijdag tussen 12.30 - 13.30 uur onder nummer 05116 - 1806.
Dienstdoende wijkverpleegkundigen zijn de weekeinden te bereiken van 13.00 tot 14.00 uur en van 18.00 tot 19.00 uur onder nummer 05120 - 12105 te Drachten.

**STICHTING GEZINSVERZORGING SMALLINGERLAND**
Spreekuur alle werkdagen van 8.30 tot 9.30 uur.
Tel. 05120 - 19005, De Oppers 1b, Drachten.

**MAATSCHAPPELIJK WERK SMALLINGERLAND**
Spreekuur te Drachten, Berglaan 62, tel. 05120 - 17235, alle werkdagen van 8.30 - 10.00 uur; verder op afspraak.
De gehele dag zijn er medewerkers op de Berglaan aanwezig.
De informatie en advieswinkel is elke werkdag geopend van 9.00 - 11.30 uur en van 14.00 - 17.00 uur. Donderdags bovendien van 19.00 - 21.00 uur.

**BIBLIOTHEEK**
Openingstijden:

| | |
|---|---|
| Woensdag: | 13.30 - 17.00 uur |
| | 19.00 - 21.00 uur |
| Vrijdag: | 13.30 - 17.00 uur |
| | 19.00 - 21.00 uur |

In "It Miensker", Fabrykswei 13a, tel. 1398.

**OPENINGSTIJDEN:**

| POSTKANTOOR | RABOBANK |
|---|---|
| Maandag tot en met vrijdag: | |
| 8.30 - 12.00 uur | 9.00 - 12.00 uur |
| 13.00 - 17.30 uur | 13.30 - 15.30 uur |
| Woensdagsmiddags gesloten. | Donderdagsavonds: |
| Tel. 05127 - 1258 | 17.00 - 19.00 uur |
| | Tel. 05127 - 1533 |

**NED. MIDD. SPAARBANK en ASS. KANTOOR**
It West 3, tel. 05127 - 1296

Open van : 9.00 - 12.00 uur
13.30 - 17.00 uur en op afspraak.

**UITVAARTVERENIGING "DE LAATSTE EER" OUDEGA**
Inlichtingen over begrafenis of crematie enz. Afspraken alle werkdagen. Pennm. G. Kooistra, Buorren 22, tel. 05127 - 1258. Bode A. van Keimpema, Fabrykswei 17, tel. 05127 - 1206. Denkt u er aan dat kinderen vanaf 18 jaar zelfstandig lid kunnen worden?

## WIKE-EINTSJINSTEN HUSDOKTERS
**fan freed 17.00 oere oan't sneintojûn 24.00 oere**

| | | |
|---|---|---|
| 30 jan. | J.S. Meyboom<br>Kommisjewei 120 | De Pein<br>05127 - 1261 |
| 6 febr. | C. van Staveren<br>Roundeel 56 | Aldegea<br>05127 - 1262 |
| 13 febr. | H.J. Amelink<br>Greate Buorren 22 | Garyp<br>05117 - 1264 |
| 20 febr. | S. Vriesinga<br>Torenlaan 17 | Eastermar<br>05129 - 221 |
| 27 febr. | J.S. Meyboom<br>Kommisjewei 120 | De Pein<br>05127 - 1261 |

## TSJERKE-TSJINSTEN

**Griff. tsjerke, domeny H.J. Nolles, till. 1223**

| | | |
|---|---|---|
| 6 febr. | 9.30 oere | ds. H.J. Nolles |
| | 13.45 oere | ds. P. Ravensbergen, Wynjewâld |
| 13 febr. | 10.00 oere | ds. F. Verveen, De Sweach |
| | 14.00 oere | ds. De Wit, Chili<br>Sindingstsjinst |
| 20 febr. | 9.30 oere | ds. H.J. Nolles<br>Tarieding Hillich Nachtmiel |
| | 13.45 oere | ds. H. Wolters, Eastermar |
| 27 febr. | 9.30 oere | ds. H.J. Nolles<br>Hillich Nachtmiel |
| | 13.45 oere | ds. H.J. Nolles<br>Tanktsjinst Hillich Nachtmiel |

**Herf. tsjerke, domeny J.H. Hamoen, till. 05117 - 1228**

| | | |
|---|---|---|
| 6 febr. | 10.30 oere | ds. Hamoen |
| 13 febr. | 10.30 oere | ds. Penninkhof |
| 20 febr. | 10.30 oere | ds. Baard |
| 27 febr. | 10.30 oere | ds. Hamoen |
| 6 mrt. | 10.30 oere | ds. De Haan |

## SOCIAAL KULTURELE WURKLIST

| | | |
|---|---|---|
| 1 febr. | 20.00 oere | gem. Smell., Riedsgearkomst |
| 3 febr. | 20.00 oere | gem. Smell., Gearkomst kommisje fan ûnderwiis |
| 7 febr. | 20.00 oere | gem. Smell., Gearkomst fan kommisje wolwêzenssaken |
| 7 febr. | 20.00 oere | gem. Smell., Gearkomst kommisje fan iepenbiere wurken |
| 8 febr. | 20.00 oere | gem. Smell., Gearkomst kommisje algemiene saken |
| 9 febr. | 20.00 oere | gem. Smell., Gearkomst kommisje romtlike oardering en folkshûs-fêsting |
| 10 febr. | 20.00 oere | gem. Smell., Gearkomst kommisje finânsjes en ekonomyske saken |
| 13 febr. | 20.00 oere | sjong- en muzykferiening, Konsert yn griff. tsjerke |
| 14 febr. | 20.00 oere | jiergearkomst Griene Krús, Miensker |
| 26 febr. | | opheljen fan âld papier |
| 1 mrt. | 20.00 oere | gem. Smell., Riedsgearkomst |

De riedsgearkomsten, en dy fan'e kommisjes likegoed binne iepenbier. Elkenien kin der dus hinne gean. De Aldegeaster fereinings litte it noch sitte, op twa nei, de oare hawwe, sa't de lêzers sjogge, noch neat fan har hearre litten. Mar hawar, de oare kears better faaks.

**HANDELSDRUKWERK**

**Strooifolders**
**Prijscouranten**
**Circulaires**
**Fakturen**
**Briefpapier**
**Kleurendrukwerk**
**Etc.**

*Bij ons heeft U een ruime keuze uit de meest originele*
*GEBOORTE-*
*VERLOVINGS-*
*HUWELIJKSKAARTEN*




*Deze kaarten kunt U uitzoeken bij:*

***JANKE en BAUKE DE VRIES***

***Buorren 39a Oudega***
***Tel. 05127 - 2417***

***Ook 's avonds kunt U daar terecht***